

Hjoed, fjouwerentweintich juny twatûzen fiif om njoggen ure

ferskynden foar my, mr Ernest Marius Willem de Lange, Notaris yn Leeuwarden:

1. de hear **Marten Folkert Koopmans** (paspoartnûmer: M16244875, ôfjûn yn Wymbriteradiel op seisentweintich april twatûzen ien), wenjend yn Leeuwarden, Wisesdwinger 25 (8911 ER), berne yn Lemsterland op alve augustus njoggentjinhûndert njoggenentritich, troud;
2. de hear **Folkert Rudolf van der Meulen** (rydbewiisnûmer: 311495347, ôfjûn yn Groningen op fjirtjin july njoggentjinhûndert sawnennjoggentich), wenjend yn Groningen, Saaksumborg 41 (9722 WN), berne yn Leeuwarden op fiif jannewaris njoggentjinhûndert seisenfyftich, troud;

hanneljend yn de rol fan respektivelik foarsitter en skriuwer/ponghâlder fan de stifting: **STICHTING FRYSKE AKADEMY**, statutêr fêstige yn de gemeente Leeuwarden, feitlik kantoarhâldend yn Leeuwarden, Doelestrjitte 8 (postkoade 8911 DX), hokker Stifting ynskreaun is yn it hannelsregister dat holden wurdt troch de Kamer van Koophandel en Fabrieken voor Friesland yn Leeuwarden ûnder nûmer 41000640 en dy Stifting rjochtsjildich fertsjintwurdigjend neffens it bepaalde yn kêst 12 lid 1 fan syn karbrief.

De ferskynde persoanen, hanneljend as neamd, ferklearren:

Fan de Stifting: Stifting Fryske Akademy, niisneamd, is it karbrief de lêste kear wizige en alhiel op 'e nij fêststeld mei in akte op fjouwerentweintich augustus njoggentjinhûndert njoggenennjoggentich, passearre foar mr. E.M.W. de Lange, notaris yn Leeuwarden.

Yn de op acht juny twatûzen fiif yn Leeuwarden holden gearkomste fan it Bestjoer fan de neamde Stifting is op de statutêr foarskreaune wize besletten om it karbrief alhiel te wizigen. Fan wat besprutsen is yn de neamde gearkomste docht bliken út in ôfskrift fan de notulen fan dy gearkomste, hokker ôfskrift oan dizze akte hechte wurde sil.

Op grûn fan wat bepaald is yn kêst 24 lid 1 fan it karbrief, is it beslút ta karbriefwizing goedkard troch it Kolleezje fan Deputearre Steaten fan de Provinsje Fryslân, hjirnei te neamen de Provinsje, fêstige yn Leeuwarden, en it befoege orgaan fan de Koninklike Nederlandse Akademie van Wetenschappen, hjirnei te neamen de KNAW, fêstige yn Amsterdam; fan dy goedkarring docht bliken út stikken dy't oan dizze akte hechte binne.

De ferskynde persoanen ferklearren ta útfiering fan it niisneamde it karbrief fan de Stifting wizige fêst te stellen as neikommend:

K A R B R I E F:

NAMME EN SIT

KÊST 1.

1. De Stifting hat de namme:

STIFTING FRYSKE AKADEMY.

2. Hy hat syn sit yn de gemeente Leeuwarden.

DOEL

KÊST 2.

1. De Stifting hat as doel it yn-stân-hâlden fan in wurkmienskip, dy't him útleit op it beoefenjen fan de wittenskip dy't mei Fryslân, it Fryske folk en syn kultuer yn al syn uterings, en soks yn de wiidste omfieming, ferbûn is.
2. Hy kin ek taken oangean op it mêd fan ûnderwiis en foarming.

MIDDELS OM DE DOELSTELLING TE FERWÊZENTLIKJEN

KÊST 3.

De Stifting besiket om ta syn doel te kommen troch:

- a. it winnen fan middels;
- b. it ynstellen en stypjen fan wittenskiplike ûndersyksprojekten;
- c. it oanstellen fan kwalifisearre wittenskiplik en oar persoanlik;
- d. it foarmjen fan wurkferbannen, wurkgroepen, stúdzjerûnten, redaksjes en kommissjes;
- e. it hâlden en hâlde litten fan gearkomsten, lêzings, kongressen en kursussen;
- f. it gearstallen en gearstalle litten of it útjaan en útjaan litten fan publikaasjes;
- g. de resultaten fan syn wurk ûnder de minsken te bringen;
- h. it gearbringen en it yn-stân-hâlden fan dokumintaasje;
- i. it ynstellen en it yn-stân-hâlden fan bysûndere learstuollen;
- j. al it oare, wetlik tastiene wurk dat ta it ferwêzentlikjen fan de doelstelling tsjinje kin.

FIERTAAL

KÊST 4.

1. De fiertaal fan de niisneamde wurkmienskip, hjirnei ek te neamen: Fryske Akademy, is it Frysk, mei talitting fan oare talen.

2. Yn syn útjeften befoarderet de Fryske Akademy it brûken fan de Fryske taal. Mei it each op it aard en it doel fan in publikaasje of op fersyk fan in auteur, kin de direkteur it brûken fan in oare taal tastean.

ORGANEN FAN DE STIFTING

KÊST 5.

1. De Stifting hat de neikommende organen:
 - a. de Rie fan Tafersjoch;
 - b. it Bestjoer, hjirnei oantsjut as de direkteur;
 - c. de Wittenskipskommisje;
 - d. de Maatskiplike Advysrie.
2. Dêrneist hat de Stifting wurkferbannen, wurkgroepen, stúdzjerûnten, redaksjes en kommisjes.

Oangeande it ynstellen, gearfoegjen en opheffen fan de yn dit lid neamde ferbannen, groepen, rûnten, redaksjes en kommisjes beslist de direkteur.

TAKEN RIE FAN TAFERSJOCH

KÊST 6.

1. De Rie fan Tafersjoch is belêste mei it tafersjoch op de algemiene gong fan saken yn de Stifting en mei it tafersjoch op it troch de direkteur fierde behear en belied en is fierders belêste mei de taken en de foegen dy't him mei dit karbrief takend binne.
2. It belied fan de direkteur wurdt alle jierren foar goedkarring oan de Rie fan Tafersjoch foarlein konform kêst 16 lid 2 fan dit karbrief.
3. It strategysk beliedsplan fan de direkteur wurdt ien kear yn de fjouwer jierren foar goedkarring oan de Rie fan Tafersjoch foarlein konform kêst 16 lid 4 fan dit karbrief.
4. De Rie fan Tafersjoch beneamt de direkteur (wer), set him tydlik út syn funksje en ûntslacht him neffens it bepaalde yn kêst 13 lid 1, 2 en 3 en kêst 14 en stelt syn besoldiging en fierdere arbeidsbetingsten fêst.
5. In delegaasje út de Rie fan Tafersjoch sels hâldt alle jierren in funksjonearringspetear mei de direkteur. Fan it funksjonearringspetear wurdt in ferslach makke dat

troch de oanbelangjende partijen ûndertekene wurdt. Fan dat petear wurdt gewach makke yn it jierferslach fan de Rie fan Tafersjoch.

GEARSTALLING RIE FAN TAFERSJOCH

KÊST 7.

1. De Rie fan Tafersjoch bestiet út fiif natuerlike persoanen.
2. De Rie fan Tafersjoch regelet de wurkwize mei de direkteur neier yn it reglemint lykas bedoeld yn kêst 29 fan dit karbrief.
3. Foar de doer fan in fakatuere kinne de oerbliuwende leden, mitsdat dy op 'en minsten mei har twaen binne, alle foegen fan de Rie fan Tafersjoch folsein útoefenje.
4. It lidmaatskip fan de Rie fan Tafersjoch is ûnferienichber mei de funksje fan direkteur of wurknimmer fan de Stifting. It lidmaatskip fan de Rie fan Tafersjoch is ek ûnferienichber mei de funksje fan direkteur, bestjoerslid, lid fan in bestjoerskolleezje of wurknimmer fan de Provinsje of de KNAW.
5. De leden fan de Rie fan Tafersjoch kinne foar harren wurksumheden oanspraak meitsje op in ridlike fergoeding.

BENEAMING LEDEN FAN DE RIE FAN TAFERSJOCH

KÊST 8.

1. Twa leden fan de Rie fan Tafersjoch wurde beneamd troch de KNAW mei ynstimming fan de Provinsje. Op 'en minsten ien fan dy leden hat in wittenskiplike eftergrûn. Twa leden wurde beneamd troch de Provinsje mei ynstimming fan de KNAW. Op 'en minsten ien fan dy twa leden hat kennis fan de Fryske kultuer en maatskippij. De foarsitter fan de Rie fan Tafersjoch wurdt beneamd troch de Provinsje en de KNAW tegearre. De foarsitter fan de Rie fan Tafersjoch beskikt oer bestjoerlike kwaliteiten. Ien fan de fiif leden fan de Rie fan Tafersjoch hat yn it bysûnder it betrouwen fan it personiel. As de neamde ynstellings gjin oerienstimming berikke oer in te beneamen lid, sil it lid beneamd wurde troch de presidint fan de Rjochtbank yn Leeuwarden op fersyk fan de meast pleitreeë partij.
2. De leden fan de Rie fan Tafersjoch wurde beneamd foar in perioade fan maksimaal fjouwer jierren en binne nei it ôfgean foar maksimaal ien folgjende perioade fan

maksimaal fjouwer jierren op 'en nij te beneamen. Hja geane ôf neffens in troch de Rie fan Tafersjoch op te stellen roaster fan ôfgean.

IT TYDLIK-UT-DE-FUNKSJE-SETTEN EN UNTSLACH LEDEN RIE FAN TAFERSJOCH

KÊST 9.

1. De Provinsje en de KNAW kinne, ûnôfhinklik fan elkoar, de troch harren beneamde leden yn de Rie fan Tafersjoch tydlik út harren funksje sette en ûntslaan. De Provinsje en de KNAW kinne tegearre de troch harren beneamde foarsitter tydlik út syn funksje sette en ûntslaan.
2. De Rie fan Tafersjoch kin oan de Provinsje en de KNAW fersykje om de troch de Provinsje en de KNAW elk beneamde leden of de troch harren tegearre beneamde foarsitter tydlik út syn funksje te setten en te ûntslaan. In oanbelangjend fersyk moat skriftlik motivearre wurde en moat nommen wurde mei in mearderheid fan stimmen. De Provinsje en de KNAW beslisse dêr pas oer nei't hja it lid dêr't it ûntslach foar frege wurdt, heard hawwe.
3. Oan in tydlik-út-de-funksje-setten dat net binnen trije moannen troch in beslút ta ûntslach folge wurdt, komt in ein troch it ferrinnen fan dy termyn.
4. Behalven troch periodyk ôfgean of ûntslach, defungearret in lid fan de Rie fan Tafersjoch:
 - a. troch opsizzen troch it lid, mei it achtslaan fan in termyn fan trije moannen, hokker termyn yn oerlis mei de Rie fan Tafersjoch bekoarte wurde kin;
 - b. troch ferstjerren fan it lid; of
 - c. as him oangeande it lid ien fan de ûnferienichberheden foardocht bedoeld sa as yn kêst 7 lid 4 fan dit karbrief.

GEARKOMSTEN FAN DE RIE FAN TAFERSJOCH

KÊST 10.

1. De Rie fan Tafersjoch komt op 'en minsten fjouwer kear yn it jier gear en fierders sa faak as de direkteur dat winsklik achtet, of as in lid fan de Rie fan Tafersjoch dêrta in fersyk ta de foarsitter rjochtet.

2. As de foarsitter benefter bliuwt om binnen in moanne nei it yntsjinjen fan it fersyk lykas hjirfoar bedoeld in gearkomste te belizzen, hat de fersiker sels it rjocht om in gearkomste te belizzen, dy't by ôfwêzichheid fan de foarsitter en/of syn plakferfanger sels yn syn lieding foarsjen kin.
3. It oproppen ta de gearkomsten wurdt dien troch in op 'en minsten sân dagen foar de gearkomste ferstjoerde konvokaasje, dêr't safolle mooglik de te behanneljen ûnderwerpen yn neamd binne.
4. De leden fan de Rie fan Tafersjoch hawwe net it foech om harren troch in folmacht op de gearkomste fertsjintwurdigje te litten.
5. De gearkomsten fan de Rie fan Tafersjoch wurde bywenne troch de direkteur, of it moast wêze dat de Rie fan Tafersjoch witte litten hat sûnder him gearkomme te wollen.
6. De Rie fan Tafersjoch komt op 'en minsten ien kear yn it jier gear oer syn eigen funksjonearjen en it funksjonearjen fan de direkteur, sûnder dat dy lêste derby is.
7. Fan alle gearkomsten fan de Rie fan Tafersjoch wurde - troch in troch de foarsitter dêrta oan te wizen oanwêzige - notulen makke dy't op de folgjende gearkomste foarlein wurde om fêst te stellen. In list fan besluten dy't nommen binne, makket diel fan de notulen út. De notulen wurde nei it fêststellen troch de foarsitter ûnderteke ne.

BESLUTFOARMING RIE FAN TAFERSJOCH

KÊST 11.

1. De Rie fan Tafersjoch kin - foar safier't yn it karbrief net oars bepaald is - gjin beslút nimme as net op 'en minsten de helte fan it totaal tal leden dat deryn sit oanwêzich is. De Rie fan Tafersjoch hat lykwols it foech - nettsjinsteande it tal oanwêzige leden - in beslút te nimmen as dat beslút net yn de foarige gearkomste nommen wurde koe om't net minimaal de helte fan de leden dy't deryn sitte oanwêzich wie.
2. Elk lid dat net tydlik út syn funksje set is, hat ien stim. Foar safier't yn dit karbrief net oars bepaald is, wurde besluten nommen mei gewoane mearderheid fan stim-

men.

3. By staken fan de stimmen yn in gearkomste dêr't net alle stimberjochtige leden oanwêzich binne, wurdt it beslút oangeande it foarstel útsteld oant de folgjende gearkomste. As yn dy twadde gearkomste de stimmen wer stake, wurdt achte dat it foarstel fersmiten is.
4. Besluten kinne ek bûten de gearkomste jildich nommen wurde, mitsdat alle leden harren skriftlik - dêrby ynbegrepen alle mei gongbere kommunikaasjemiddels oerbrochte en op skrift ynkrigen berjochten - oangeande it foarstel utere hawwe en it beslút mei algemiene stimmen nommen wurdt. Fan de útslach fan de stemming wurdt op de earstfolgjende gearkomste troch de foarsitter skriftlik ferslach dien.

DE DIREKTEUR

KÊST 12.

1. De direkteur is belêste mei it bestjoer fan de Stifting. Hy bepaalt it belied en stjoert en koördinearret alle prosessen dy't de resultaten en de kwaliteit fan de wurksumheden fan de Stifting tsjinje.
2. De direkteur is ferantwurdlik foar de finansjele posysje fan de Stifting en syn resultaten.
3. Oan de direkteur komme alle foegen ta dy't net oan oare organen fan de Stifting takend binne.
4. De direkteur foarsjocht de Rie fan Tafersjoch frege en net-frege yntiids fan alle ynformaasje dêr't er op grûn fan syn tafersjochhâldende taak oer beskikke kinne moat. De direkteur foarsjocht de Provinsje en de KNAW frege en net-frege yntiids fan alle ynformaasje dêr't hja op grûn fan harren subsydzjefoarsjenning oan de Stifting oer beskikke kinne moatte.
5. De direkteur kin - behalven mei ûntheffing fan de Rie fan Tafersjoch - gjin direkte lid of bestjoerslid wêze of it lidmaatskip fan in tafersjochhâldend of advisearjend orgaan besette fan in ynstelling dy't in selde of in lyksoartich doel hat as de Stifting.
6. De direkteur jout oan de foarsitter fan de Rie fan Tafersjoch opjefte fan al syn njonkenfunksjes. Boppedat wurdt opjefte dien oft der saaklike bannen besteane tus-

ken de Stifting en in oare rjochtspersoan of ûndernimming dêr't de direkteur persoanlik - direkt of yndirekt - yn behelle is.

7. By belet of ôfwêzichheid fan de direkteur foarsjocht by belet de direkteur yn in adekwate ferfanging en foarsjocht by ôfwêzichheid de Rie fan Tafersjoch aktyf yn in adekwate waarnimming. De Rie fan Tafersjoch kin dy waarnimming sels op him nimme, mar hat ek it foech om dat op in oare wize te regeljen.

BENEAMING, TYDLIK-ÚT-DE-FUNKSJE-SETTEN EN UNTSLACH KÊST 13.

1. De direkteur wurdt, nei foarôfgeande goedkarring fan de foardracht troch de Provinsje en de KNAW, beneamd troch de Rie fan Tafersjoch foar op 'en heechsten fiif jierren, mei de mooglikheid om nei ôfrin fan dy perioade oer te gean ta in werbeneaming fan hieltyd op 'en heechsten fiif jierren.
2. By it út-ein-setten fan de prosedure ta beneaming bepaalt de Rie fan Tafersjoch, nei oerlis mei de Provinsje en de KNAW, it profyl fan de direkteur en de gearstalling fan de beneamingsadvyskommisje. De Rie fan Tafersjoch kin him by it winnen en de seleksje fan kandidaten bystean litte troch saakkundigen.
3. It werbeneamen kriget syn beslach nei evaluaasje fan it funksjonearjen fan de direkteur. De evaluaasje wurdt útfierd troch de Rie fan Tafersjoch, nei konsultaasje fan de Provinsje en de KNAW oer bedoeld funksjonearjen. De werbeneaming moat foarôf goedkard wurde troch de Provinsje en de KNAW.
4. Oan it direksjelidmaatskip komt in ein:
 - a. troch opsizzen troch de direkteur, mei it yn-acht-nimmen fan in termyn fan trije moannen, hokker termyn yn oerienstimming mei de Rie fan Tafersjoch bekoarte wurde kin;
 - b. by beneaming foar bepaalde tiid, troch it ferstriken dêrfan, as der net werbeneamd is;
 - c. troch ferstjerren fan de direkteur;
 - d. troch ûntslach troch de Rjochtbank;
 - e. troch ûntslach lykas neier bepaald yn kêst 14 fan dit karbrief.

UNTSLACH EN TYDLIK-UT-DE-FUNKSJE-SETTEN TROCH DE RIE FAN TAFERSJOCH

KÊST 14.

1. De direkteur kin, nei goedkarring yn it foar fan de Provinsje en de KNAW, troch de Rie fan Tafersjoch tydlik út syn funksje set wurde of ûntslein wurde:
 - a. as de direkteur net goed funksjonearret;
 - b. as him in ûnferienichberheid foardocht lykas bedoeld yn kêst 12 lid 5 fan dit karbrief;
 - c. as him nei it oardiel fan de Rie fan Tafersjoch in oare ûnferienichberheid fan funksjes foardocht en de direkteur nei dêrta moanne te wêzen, dêr neat oan feroare hat;
 - d. en fierders yn alle gefallen fanwegen hâlden en dragen dêr't de goede namme of de belangen fan de Stifting skea mei dien wurde.In direkteur dy't tydlik út syn funksje set is, kin de oan syn funksje ferbûne rjochten en foegen net útoefenje. De direkteur oer waans tydlik-út-de-funksje-setten of ûntslach rieholden wurdt, moat de gelegenheid bean wurde om heard te wurden en hat it rjocht om him te ferdigenjen of te ferantwurdzjen. By dy gelegenheid is de direkteur befoege om him bystean te litten troch in riedsman.
2. In tydlik-út-de-funksje-setten - dêr't ta besletten wurde kin mei in gewoane mearderheid fan stimmen - dat net binnen trije moannen troch in beslút ta ûntslach folge wurdt, einiget troch it ferrinnen fan dy termyn.
3. De Rie fan Tafersjoch bringt de Provinsje en de KNAW daliks skriftlik op 'e hichte fan in beslút ta tydlik-út-de-funksje-setten of ûntslach.

ADMINISTRAASJE- EN BOEKHALDPLICHT

KÊST 15.

1. De direkteur is ferplichte om fan de fermogenstastân fan de Stifting en fan alles oangeande de wurksumheden fan de Stifting - dêrby ynbegrepen al syn finansjele transaksjes, ûntfangsten, útjeften en ferslaggen fan beoardielingspetearen - op sa'n

wize administraasje te fieren en de dêrta hearrende boeken, stikken en oare gegevensdragers op sa'n wize te bewarjen dat dêr altyd de rjochten en ferplichtings fan de Stifting út opmakke wurde kinne.

2. De Rie fan Tafersjoch hat - foar safier fan belang foar de kreative útoefening fan syn tafersjochhâldende taak - ûnder de gewoane kantoaroeren tagong ta de administraasje fan de Stifting. De direkteur jout as de Rie fan Tafersjoch derom freget, gegevens út de administraasje fan de Stifting oan de Rie fan Tafersjoch.
3. Dy administraasje en boekhâlding moatte fierd wurde neffens de regels en rjochtlinen sa't de KNAW dy útfeardiget foar ynstituten fan de KNAW.
4. De direkteur stiet noed foar it fêstlizzen fan de troch him nommen besluten. De direkteur jout as de Rie fan Tafersjoch derom freget in ôfskrift of úttreksel fan dy fêstlizzing, of it moast wêze dat de wet him dêr tsjin ferset.

BELIED, WITTENSKIPLIKE PROGRAMMEARRING EN BEGRUTTING

KÊST 16.

1. Uterlik trije moannen foar it begjin fan it kommende boekjier, stelt de direkteur yn konsept in beliedsplan, wittenskiplik programma en ek in begrutting foar it kommende boekjier, en in mearjierrêzing foar de trije boekjierren dêrnei fêst.
2. Uterlik twa moannen foar it begjin fan it kommende boekjier, kart de Rie fan Tafersjoch it beliedsplan, wittenskiplik programma en de dêrby hearrende begrutting en mearjierrêzing lykas neamd yn lid 1 fan dit kêst goed.
3. It beliedsplan, wittenskiplik programma en de dêrby hearrende begrutting en mearjierrêzing lykas neamd yn lid 1 fan dit kêst, kinne pas útfierd wurde nei't de Provinsje en de KNAW de niisneamde stikken goedkard hawwe en de needsaaklike finânsjes takend hawwe.
4. Ien kear yn 'e fjouwer jierren stelt de direkteur yn konsept in strategysk beliedsplan foar in perioade fan fjouwer jierren fêst. De Rie fan Tafersjoch kart it strategysk beliedsplan goed. It strategysk beliedsplan kin pas útfierd wurde nei't de Provinsje en de KNAW dat plan ek goedkard hawwe.
5. It strategysk beliedsplan jout it ramt oan dêr't it beliedsplan, it wittenskiplik pro-

gramma, de begrutting en de mearjierrêring, lykas neamd yn lid 1 oant en mei 3 fan dit kêst, binnen útwurke wurde.

TRIPARTITE OERLIS

KÊST 17.

1. Op 'en minsten twa kear jiers organisearret de direkteur in saneamd tripartite oerlis tusken fertsjintwurdigers fan de Provinsje en de KNAW, de direkteur en ek de foarsitter fan de Rie fan Tafersjoch fan de Stifting, om de gong fan saken binnen de Stifting te bepraten.
2. Yn it tripartite oerlis binne yn alle gefallen ûnderwerp fan besprek de dokuminten sa as bedoeld yn kêst 16 en 22 lid 1.
3. Neist de yn lid 1 fan dit kêst neamde gearkomsten kinne de Provinsje en de KNAW as subsidiïnten fan de Stifting tegearre of apart oerlis hawwe mei de direkteur fan de Stifting.

BEHEININGS DIREKSJEFOECH

KÊST 18.

1. Oan it goedkarren fan de Rie fan Tafersjoch binne ûnderwurpen, mei behâld fan it oarsearne yn it karbrief bepaalde, de besluten fan de direkteur oangeande:
 - a. oerienkomsten ta winnen, ferfrjemdzjen en beswierjen fan registergoed;
 - b. it oangean fan oerienkomsten dêr't de Stifting him as boarch of solidêre meiskuldner by ferbynt, him foar in tredde sterk makket of him ta wissichheid foar in skuld fan in tredde ferbynt;
 - c. it al of net yn oparbeidzjen mei oaren oprjochtsjen fan rjochtspersoanen, dy't út krêft fan harren karbrief, doelstelling of oars yn ferbining stean of direkt yn-floed hawwe kinne op de Stifting;
 - d. it oan- of ferkeapjen fan effekten, obligaasjes, oandielen en ôflate produkten dêrûnder begrepen;
 - e. it ferhieren of oars foar lange doer yn-gebrûk-jaan oan tredde fan gebouwen of dielen dêrfan en ek it hieren of oars foar lange doer yn-gebrûk-nimmen fan romten fan tredde;

- f. de duorsume streekrjochte of midlike gearwurking mei oare rjochtspersoanen, en ek it ferbrekken fan soksoarte gearwurking as dy gearwurking of dat ferbrekken fan yngripende betsjutting is;
 - g. de oanfraach fan fallisemint en fan surseânse fan beteljen fan de Stifting;
 - h. it oangean of jaan fan jildlienings boppe in troch de Rie fan Tafersjoch bepaalde limyt, dêrûnder net begrepen it brûken fan in al rinnende kredytfasiliteit;
 - i. it fieren fan prosessen, foar safier't it gjin ynkassoprosessen of prosessen yn koart pleit binne;
 - j. it jaan fan prokuraasje.
2. De yn lid 1 (mei útsûndering fan 1.i en 1.j) fan dit kêst neamde rjochtshannelings fan de direkteur binne fierders oan de foarôfgeande goedkarring ûnderwurpen fan de Provinsje en de KNAW.

TSJINSTRIDICH BELANG

KÊST 19.

1. Yn alle gefallen fan in tsjinstridich belang tusken de Stifting en syn direkteur, wurdt de Stifting fertsjintwurdige troch de Rie fan Tafersjoch.
2. Yn gefal fan in tsjinstridich belang lykas bedoeld yn it foargeande lid fan dit kêst, meldt de direkteur dat daliks oan de Rie fan Tafersjoch.

FERTSJINTWURDIGING

KÊST 20.

De direkteur fertsjintwurdiget, mei behâld fan it oarsearne yn dit karbrief bepaalde, de Stifting rjochtlik en bûten it rjocht.

BOEKJIER

KÊST 21.

It boekjier fan de Stifting is krektlyk as it kalinderjier.

JIERREKKEN EN JIERFERSLACH STIFTING

KÊST 22.

1. Binnen twa moannen nei ôfrin fan it boekjier stelt de direkteur in jierrekken en jierferslach op dy't casu quo dat de goedkarring hawwe moat fan de Rie fan

Tafersjoch.

2. Oangeande it opstellen en ynrjochtsjen fan de jierrekken jilde de regels en rjochtlinen lykas de KNAW dy útfeardiget foar ynstituten fan de KNAW.
3. It ûndersyk fan de jierstikken wurdt dien troch de registeraccountant dy't troch de KNAW belêste is mei it ûndersyk fan de jierstikken fan de ynstituten fan de KNAW.
4. As en foarsafier't as tarieding op en stipe fan de wurksumheden fan de registeraccountant troch meiwurkers fan de KNAW ynterne kontrôlewurksumheden dien wurde by de ynstituten fan de KNAW, wurde dy wurksumheden ek dien by de Stifting.
5. De direkteur leit uterlik fjouwer moannen nei ôfrin fan it boekjier de ferklearring fan de registeraccountant mei de befinings en ek de troch de registeraccountant opstelde managementletter oer oan de Rie fan Tafersjoch.
6. De goedkarring troch de Rie fan Tafersjoch wurdt pas jûn nei't de Rie fan Tafersjoch mei de registeraccountant oer dy syn befinings redendield hat.
7. De jierrekken en it jierferslach moatte op sa'n wize opsteld wêze dat der in analyse oan taheakke is oangeande de ferliking mei begrutting, beliedsplan en wittenskiplik programma fan itselde jier.
8. It jierferslach en de jierrekken hawwe - nei goedkarren troch Rie fan Tafersjoch - ek de goedkarring fan de Provinsje en de KNAW nedich. Dêrta moatte de niisneamde stikken binnen seis moannen nei it jier dêr't dy op slaan troch de Provinsje en de KNAW ûntfongen wêze.
9. Yn it jierferslach wurde de namme, de âldens, it slachte en de njonkenfunksjes fan de direkteur en elk fan de leden fan de Rie fan Tafersjoch neamd.

EVALUAASJE

KÊST 23.

Ien kear yn de seis jier wurde de prestaasjes fan de Stifting evaluatearre troch in eksterne evaluaasjekommisje, konform it evaluaasjeprotokol dat jildt foar publyk finansiere ûndersyk fan Nederlânske wittenskiplike organisaasjes. De evaluaasjekommisje wurdt

ynsteld troch de KNAW, nei't de Provinsje, Rie fan Tafersjoch, Wittenskiipskommisje, Maatskiplike Advysrie en direkteur heard binne. Dy partijen wurde boppedat yn de gelegenheid steld om kommentaar út te bringen, nei't de evaluaasjekommisje rapport útbrocht hat.

WITTENSKIIPSKOMMISJE

KÊST 24.

1. De Stifting hat in Wittenskiipskommisje dy't as taak hat om de direkteur, de Rie fan Tafersjoch en de KNAW frege en net-frege te advisearjen oer it belied en wittenskiplik programma fan de Stifting, yn it bysûnder it aard, de rjochting en de kwaliteit fan it wittenskiplik ûndersyk. Dy advizen wurde ta ynformaasje tastjoerd oan de Provinsje.
2. De leden fan dy Wittenskiipskommisje wurde beneamd en ûntslein troch de Rie fan Tafersjoch, nei't dêr oerienstimming oer berikt is mei de KNAW en nei't de direkteur en de sittende leden fan de Wittenskiipskommisje heard binne.
3. De leden fan de Wittenskiipskommisje wurde beneamd foar in perioade fan fiif jierren en kinne mar ien kear op 'e nij beneamd wurde.
4. It tal leden fan de Wittenskiipskommisje is op 'en minsten trije en op 'en heechsten sân.
5. De direkteur stiet de Wittenskiipskommisje by as amtlik sekretaris en hat yn syn gearkomsten in advisearjende stim.
6. By de seisjierlikse evaluaasje fan de Stifting wurdt de Wittenskiipskommisje op de hichte brocht fan it rapport fan de evaluaasjekommisje dy't troch de KNAW ynsteld is. De Wittenskiipskommisje wurdt dêrby yn de gelegenheid steld om syn kommentaar op it rapport út te bringen oan de KNAW.
7. De Wittenskiipskommisje hat it foech om foar it regeljen fan syn wurksumheden in reglemint fêst te stellen. In reglemint moat neffens de regels en rjochtlinen fan de KNAW opsteld wurde en mei gjin bepalings befetsje dy't yn striid binne mei de bepalings fan dit karbrief of mei de wet.

MAATSKIPLIKE ADVYSRIE

KÊST 25.

1. De Stifting hat in Maatskiplike Advysrie dy't as taak hat om de direkteur, de Rie fan Tafersjoch en de Provinsje frege en net-frege te advisearjen oer de maatskiplike tsjinstferliening fan de Stifting, dêrûnder it stypjen fan de frijwilligers binnen de Stifting. Dy advizen wurde ta ynformaasje tastjoerd oan de KNAW.
2. De leden fan dy Maatskiplike Advysrie wurde beneamd en ûntslein troch de Rie fan Tafersjoch, nei't dêr oerienstimming oer berikt is mei de Provinsje en nei't de direkteur en de sittende leden fan de Maatskiplike Advysrie heard binne.
3. De leden fan de Maatskiplike Advysrie wurde beneamd foar in perioade fan fiif jierren en kinne mar ien kear op 'e nij beneamd wurde.
4. It oantal leden fan Maatskiplike Advysrie is op 'en minsten trije en op 'en heechsten sân.
5. De direkteur stiet de Maatskiplike Advysrie by as amtlik sekretaris en hat yn syn gearkomsten in advisearjende stim.
6. De Maatskiplike Advysrie hat it foech om foar it regeljen fan syn wurksomheden in reglemint fêst te stellen. Besluten om in reglemint fêst te stellen, te wizigjen of yn te lûken moatte yn it foar troch de Provinsje goedkard wurde. In reglemint mei gjin bepalings befetsje dy't yn striid binne mei de bepalings fan dit karbrief of mei de wet.

LEDEN FAN DE FRYSKE AKADEMY

KÊST 26.

1. As wittenskiplik ynstitút hat de Fryske Akademy leden.
2. Leden fan de Fryske Akademy kinne persoanen fan rûnom op de wrâld wêze, dy't dy ûnderskieding wurdich binne op grûn fan:
 - a. fertsjinsten op it mêd fan de wittenskip, lykas dy yn kêst 2 lid 1 omskreaun is;
 - b. fertsjinsten foar de Fryske kultuer;
 - c. grutte, oanhâldende niget oan de wittenskip, lykas dy ûnder a oantsjut is, of foar de Fryske kultuer yn it algemien.
3. De leden fan de Fryske Akademy wurde beneamd troch de direkteur. Elk lid en

elke stiper fan de Fryske Akademy hat it rjocht om persoanen foar de beneaming ta lid oan de direkteur foar te dragen, mitsdat er dat skriftlik en motivearre docht.

4. Oan it lidmaatskip fan de Fryske Akademy op himsels binne gjin finansjele ferplichtings foar de Stifting oer ferbûn.

STIPERS

KÊST 27.

1. Stipers fan de Fryske Akademy binne de natuerlike persoanen en rjochtspeoanen, dy't harren as stiper by de Fryske Akademy oanmelde en alle jierren in troch de direkteur fêststelde stipersbydrage betelje.
De direkteur beslist oangeande it talitten fan stipers.
2. Oan it stiperskip komt in ein troch skriftlik opsizzen en ek troch ferstjerren fan de stiper. Ta opsizzen binne sawol de stiper as de direkteur befoege. De bydrage oer it rinnende boekjier moat likegoed folslein betelle wurde.

PUBLIKAASJES

KÊST 28.

Leden en stipers kinne it wittenskiplik tydskrift en it meidielingebled fan de Fryske Akademy, as en salang't dy neffens beslút fan de direkteur útjûn wurde, tastjoerd krije.

REGLEMINTEN

KÊST 29.

1. De Rie fan Tafersjoch stelt in reglemint fêst dêr't neiere regels yn steld wurde oer de wurkwize fan de direkteur en de Rie fan Tafersjoch. Dat reglemint befettet yn alle gefallen in neiere regeling oangeande:
 - a. periodike besinning op it foar de Stifting winske bestjoeringsmodel;
 - b. it fieren, fêstlizzen en argivearjen fan it alle jierren te hâlden funksjonearringspetear mei de direkteur;
 - c. it stypjen fan de sekretariële stêf foar it funksjonearjen fan de Rie fan Tafersjoch;
 - d. periodyk oerlis oer de relaasje mei de direkteur;
 - e. periodyk oerlis oer de winsklikens fan (kontinuearring fan) in fersekering tsjin

bestjoerdersoanspraaklikens;

- f. it fêststellen fan it gearkomsteroaster fan de Rie fan Tafersjoch en de mienskiplike gearkomsten mei de direkteur.
2. It reglemint sa as bedoeld yn lid 1 fan dit artikel mei gjin bepalings befetsje dy't yn striid binne mei de bepalings fan dit karbrief of mei de wet.
3. Besluten ta fêststellen, wizigjen en ynlûken fan in reglemint moatte yn it foar troch de Provinsje en de KNAW goedkard wurde.

PERSONIEL FAN DE STIFTING

KÊST 30.

1. De Stifting folget oangeande syn persoanlik en de meisizzenskip de arbeidsbetingsten, regelings en prosedueres fan de KNAW, behalven dêr wêr't tusken de KNAW en de Stifting ôfwikings oerienkommen wurde.
2. Oangeande it oanstellen en ûntslaan fan it persoanlik fan de Stifting is it Boargerlik Wetboek fan tapassing. Foarsafier't arbeidsbetingsten, regelings en prosedueres fan de KNAW dêrtroch net folslein tapast wurde kinne, binne dy safolle as mooglik fan soortgelikense tapassing.

KARBRIEFWIZIGING

KÊST 31.

1. De direkteur hat, mitsdat mei foarôfgeande skriftlike goedkarring fan de Rie fan Tafersjoch en ek fan de Provinsje en de KNAW, it foech om dit karbrief te wizigjen. De wiziging mei net yn striid wêze mei it doel fan de Stifting, noch dat doel feroarje.
Likemin mei dêrtroch in feroaring brocht wurde yn de ferplichtings dy't de Stifting op him nommen hat by it oanfurdigjen fan skinkings of tamakkings.
2. De wiziging moat mei strafdriging fan neatigens mei in notariële akte ta stân komme.
3. De direkteur en ek hja dy't eventueel yn it beslút ta karbriefwiziging troch de direkteur as sadanich oanwiisd binne, binne machtige om foar it útfieren fan it beslút ta karbriefwiziging de akte fan karbriefwiziging passearje te litten en te ûnderteken-

jen, alles mei de macht ta substitúsje.

4. De direkteur is ferplichte om in autentyk ôfskrift fan de wiziging, en ek it wizige karbrief del te lizzen op it kantoar fan it hannelsregister, hâlden troch de Kamer van Koophandel en Fabrieken, yn it gebiet dêr't de Stifting syn sit hat.

UNTBINING EN FEREFFENING

KÊST 32.

1. De direkteur hat, mitsdat mei foarôfgeande skriftlike goedkarring fan de Rie fan Tafersjoch, de Provinsje en de KNAW, it foech om de Stifting te ûntbinen.
2. As de Stifting op it stuit fan syn ûntbining gjin baten mear hat, hâldt er dàn op te bestean.

De direkteur docht dêr opjefte fan by it register lykas bedoeld yn kêst 31 lid 4. Yn alle oare gefallen is der in fereffening fan it fermogen fan de Stifting mei it yn-acht-nimmen fan de wetlike regels datoangeande.

3. De Stifting bliuwt nei syn ûntbining bestean foar safier't dat ta it fereffenjen fan syn fermogen nedich is. Yn stikken en oankundigings dy't fan de Stifting útgean, moat oan de namme tafoege wurde: "yn likwidaasje".
4. De fereffening wurdt troch de direkteur dien.
5. Under it fereffenjen bliuwe de bepalings fan dit karbrief safolle mooglik fan krêft. De fereffener hat deselde foegen, plichten en oanspraaklikheden as de direkteur, foar safier't dy te ferienigjen binne mei syn taak as fereffener.
6. By ûntbinen fan de Stifting sille de eigendommen en besittings fan de Stifting oanbean wurde oan de Provinsje en de KNAW, ûnder it betingst fan oernimmen fan de ferplichtings dy't op de Stifting rêste.
As bliken docht dat it niisneamde net mooglik is of dat der oars in batich saldo oerbliuwt, wurdt dat safolle mooglik bestege neffens it doel fan de Stifting.
7. Nei ôfrin fan de fereffening sille de boeken, stikken en oare gegevensdragers fan de ûntbûne Stifting foar de doer fan sân jierren berêste ûnder de fereffener, of it moast wêze dat troch de fereffener in oare bewarder oanwiisd is.

SLOTBEPALINGS

KÊST 33.

Dit karbrief is yn it Frysk opsteld konform wat bepaald is yn kêst 2: 286 lid 2 Boargerlik Wetboek. Oan dizze akte is in oersetting yn de Nederlânske taal hechte.

KÊST 34.

1. Yn alle gefallen, dêr't sawol de wet, dit karbrief of in reglemint net yn foarsjogge, beslist de direkteur.
2. a. Yn ôfwiking fan it bepaalde yn kêst 8 fan dit karbrief sille de leden fan de Rie fan Tafersjoch letter troch de beneamende ynstânsjes oanwiisd wurde.
b. Yn ôfwiking fan it bepaalde yn kêst 13 fan dit karbrief, bestiet de direksje fuortdaliks nei it passearjen fan de akte dêr't dit karbrief diel fan útmakket út: de hear prof. dr. Durk Gorter, wenjend te Leeuwarden, Speelmanstraat 14 (8911 GP), berne yn Oosterwolde op trije oktober njoggentjinhûndert twaenfytich, mei de titel "waarnimmend direkteur".

De ferskynde persoanen binne my, notaris, bekend en de identiteit fan de ferskynde persoanen dy't by dizze akte behelle binne, foarsafier troch de wet foarskreaun, is troch my, notaris, oan de hân fan de niisneamde en dêrta ornearre dokuminten fêststeld.

FAN IEN EN OAR IS DIZZE AKTE

passearre yn Leeuwarden op de datum en it stuit yn it haad fan dizze akte neamd.

Nei saaklike opjefte fan de ynhâld fan dizze akte en in taljochting dêrop troch my, notaris, oan de ferskynde persoanen hawwe hja ferklearre fan de ynhâld fan dizze akte kennis nommen te hawwen, dêrmei yn te stimmen en op folslein foarlêzen dêrfan gjin priis te stellen.

Daliks nei beheind foarlêzen fan de akte is dy earst troch de ferskynde persoanen en dêrnei troch my, notaris, ûndertekene.

ÚTJÛN FOAR ÔFSKIRFT